



Skriftlike fragen op grûn fan it Reglemint fan Oarder, artikel 44

Gerkeskleaster-Strobos, 23 oktober 2017

Underwerp: spoarttunnel Trekwei Bûtenpost

Acht Kolleezje,

Nei de evaluaasje oanlis rûnwei Buitenpost yn 2014 is de ried fan Achtkarspelen op 26 juny 2014 akkoart gongen mei in ekstra bedrach fan 50.000 euro foar de oanlis fan in Spoartunnel oan de Trekwei Bûtenpost tusken Gerkeskleaster-Strobos en Kollum. It totaal bedrach dat frij kaam foar dizze oanlis is 170.000 euro.

Op fragen fan it Pleatslik Belang Gerkeskleaster-Strobos wat de stân fan saken is oangeande de oanlis fan dizze spoartunnel is troch de gemeente oanjûn dat it de bedoeling is om de tunnel ein 2017 klear te ha.

De needsaak fan de oanlis fan dizze tunnel is noch neat feroare; gefaar fan bern dy't oer it hek klimme om in koartere wei te nimmen, it toeristysk belang fan in bettere fytsferbining tusken Achtkarspelen en Kollumerlân e.o., gefaarlike oerstekken op de Parallelwei nei it fiadukt (de op dit stuit iennige alternative rûte) en werom, ensfh.

Wy ha hjiroer de folgjende fragen:

1. Kin it Kolleezje oanjaan wat de stân fan saken is oangeande de oanlis fan dizze spoartunnel?
2. Kinne wy as ried op 'e hichte brocht wurde fan de ynhâld fan de oerlizzen mei Prorail en it Wetterskip, en eigeners fan de omlizzende grûn?
3. By mooglike tûkelteammen en beswieren fan partijen by de oanlis fan dizze tunnel, kin it Kolleezje oanjaan hokker oplossing men derfoar hat?
4. Is it Kolleezje it mei ús iens dat de foarsichtige tasizzing dat de tunnel yn 2017 klear wêze koe bepaalde ferwachtingen oproppe kin by de omlizzende doarpen?
5. As dizze eindatum net helle wurdt, wurde der dan yn it ramt hjirfan ynformearjende petearen mei oanbelangjende partijen organisearre?
6. Kinne wy der fan út gean dat wy as ried op koarte termyn in 'tjidljn' fan it proses oant no ta en in plan foar de takomst temjitte sjen kinne?

Ut namme fan de fraksje FNP Achtkarspelen,

Mefr. W. Poelman